

G. Valkema mei 13.20 m. ljepperskening yn Winsum

*Hiske Penninga (10.24) frouljuskampioen en
H. Noordstra (12.02) kampioen bij de feinten*

Trettjin meter en tweintich (13.20 meter). Mei dy ûnbidige en majesteitlik útfierde sprong is George Valkema fan de Jouwer sneontomiddei ljepperskening to Winsum wurden. Nea is der oer de St. Japik sa fier ljept. De sprong fan de nije kening wie op seis tomme nei in meter fierder as de fierste keningsprong, dy sûnt 1957 yn dit fleurige Baerderadielster doarp makke is. En dat ûnder sokke tsjinwierjende omstannichheden, hwant der moast rjocht tsjin de stive en twirde-rige wyn yn ljept wurde!

It wetter bare; fan de wyn en net fan de lju, dy't der yn ploften. Fansels koe-ne guon net oer de St. Japik komme. Meastal net, omt hja gjin bitúfte ljeppers wiene, mar omt hja efkes tofolle woene, de jint to great namen en dan net oer it deade punt hinne kamen. Dat lêste gauris troch de hurde wyn, hwant as de ljeppers heech yn de pols klommen wiene, koe de wyn oer it efterkleed fan de tribune hinne fral fet op har krije. It seit lykwols genôch oer it technysk formogen fan de ljeppers, dat by de lyts 150 sprongen noch gjin tritich kopke-ûndergiene.

Der wurdt jimmeroan fierder ljept. De organisatoren sille dêr rekken mei hâlde moatte. Foar de springstalten oer

sil it publyk yn Winsum mear efterút moatte; oars barre der ûngemakken. Mei syn keningsprong kaem Valkema

nou tolânne op it kastke fan in fotograef, dy't flak foar it folk siet. Alles bitearde goed, mar it hie maklik oars kind, hwant in ôffredingspealtsje stie deun by.

By de fammen is de sawntjin jier âlde Hiske Penninga út St. Anne foar de tredde kear kampioene wurden. Hja ljept bûtengewoan sierlik en fier. Mei 10.24 meter hat hja de heechste eare helle, mar hja kin fierder, hwant forline jier hat hja it kampioenskip mei 10.39 mtr. woun.

Kampioen fan de jongfeinten is de achttjin jier âlde timmerfeint Heine Noordstra fan Oentsjerk wurden mei in sprong fan 12.02 meter. Foar him wie Sjors Valkema twa jier efter elkoar kampioen fan dy klasse. Nou kaem er foar it earst út yn de ôfdieling njoggentjin oant en mei tritich jier. De njoggentjin jier âlde ynternasjonale chauffeur leit opheden as soldaet yn Nunspeet. By it ljeppen yn syn klasse koe d'er it net fierder bringe as it tredde plak. Dêrom giene de forwachtingen foar it keningsljeppen fral út nei R. B. Span fan Stiens, dy't yn in floeijende styl ljepte en mei 12.30 mtr. omtrint in meter fierder kommen wie as Valkema.



Inkelde tûzenen, sieten sneontomiddei om de Winsumer „arena” hinne om to sjen hoe fier de pommeranten ûnder de Fryske fierljeppers (en inkelde Hollanners) komme soene: der yn, der oer of fier der oer. Der stie in kâlde, hurde wyn, mar de riseltaten fan it springen (oant 13.20 meter ta) hawwe gâns fan it kjeldlijen forgoede.